

Fynsten en fragen

Dominicus en Franciscus as patroanhilligen yn Ljouwert

Yn de 16de ieu hie Ljouwert fan alle Fryske stêden de measte godshuzen binnen har muorren. De stêd telde trije parochytsjerken: de Aldehou of St. Vitus, de Nijehou of H. Maria, en de Hoekster- of St. Catharina-tsjerke; fierder twa gasthúskapellen, respektivelik wijd oan St. Antonius en St. Jacob, in St. Annakapel by it Blokhûs, en fansels fjouwer kleastersjerken: fan de dominikanen, fan de fransiskaner observanten of 'barveoeters', fan de grauwe beginen en fan de dominikanessen. Der gong hast gjin oere foarby of earne wjerklonk wol it lûd fan in klok dy't it begin of de ein fan in tsjinst oankundige. Dy tsjerken mei al har patroan- en alterhilligen, relikwyen en devosjonalia makken de stêd ta in godstsjinstich sintrum fan formaat. Se joegen Ljouwert in religieuze útstrieling, dêr't har boargers in beskaat prestizje oan ûntliene koene. Berjochten dêroer binne der net, mar der sille grif wol Ljouwerters west hawwe dy't har stêd sjen woene as in ôfspiegeling fan de hillige stêd Jeruzalem mei al har timpels en beafeartssintra, dy't op harsels as in foarôfskading fan it Himelske Sion gou.

De kleasters foarmen min ofte mear de hoekstien fan dit religieuze stedsgebou. De twa wichtichste wiene dy fan de dominikanen en fransiskanen, al least dêr't it gie om de soarch foar de libbene en deade sielen. Hja lutsen net allinnich gâns stedsbewenners yn har tsjerken, dy't trouwens op in protte minsken berekkene wiene - de dominikaner tsjerke hjit net om 'e nocht no noch de Grutte Tsjerke -, hja wisten op har preek- en biddeltochten by de parochys lâns yn har termyngebiet ek in grut part fan de plattelânsbefolking yn de provinsje te berikken. De stêd wie foar har dus net allinnich in missygebiet mar ek in útfalsbasis.

Dêrneist fungearren har kleasters -

om it ris ûnearbiedich te sizzen - as assurânsje-ynstallings dêr't men jin by fersekerje koe tsjin de risiko's fan it hjirneimels. Hja beane de leauwigen de mooglikheid memory- of deademissen te bestellen, foar in skoftsje efterelkoar of foar ivich alle wiken, moannen of jierren ien of mear. Fan dy missen waard ferwachte dat se foar dyjinge foar wa't se opdroegen waarden, in spesjale genedestream kanalisearren dy't yn koarting kaam op de him of har troch God tametten tiid fan lottering en boete yn it fagefjoer. Elke pryster koe dy missen oars opdrage, ek de pleatslike pastoar of fikaris wol. Mar de biddelmuontsen hiene har der om samar te sizzen yn spesjalisearre. Tsjin betelling liezen en songen se alle wiken in protte missen foar ferstoarne begeunstigers. In ekstra fasiliteit dy't se dêrby biede koene, wie dy fan in begraffenis yn har kleaster of kleastersjerke. Gâns begoedige Friezen: haadlingen, patrisiërs en hege geastliken, hawwe har foar 1580 by de dominikanen of fransiskanen yn 'e ierde bringe litten. Der gie ommers in bysûndere oanlûkingskrêft út fan de gedachte dat it lichem foar ivich rêste middenmank in geastlike mienskip dy't har dei en nacht ta God rjochte. Want dat wie oarspronklik de wichtichste taak fan kleasterlju. Yn har tsjerken waard de eare Gods songen yn in net ophâldende rige fan koartsjinsten, sân it etmiel, fan de lauden en metten nachts en moarns betiid oant de kompletten oan 'e ein fan de dei. In sintrale rol yn dy religieuze tsjinstferliening spilen de patroanhilligen dêr't de tsjerken oan wijd wiene en dy't, yn de foarm fan by de alters bewarre relikwyen, der suver liiflik yn oanwêzich wiene. Hja waarden as de eigners fan de tsjerken sjoen. Har waard om foarspraak frege, en har die elkenien syn skinings. En de geastliken dy't oan de tsjerken ferbûn wiene, wurken ûnder har beskerming. Hjirboppe neamden wy de al bekende hilligen fan de trije parochytsjer-

ken fan Ljouwert en fan de twa gasthúskapellen en de kapel by it Blokhûs. Ek de hilligen fan de twa Ljouwerter frouljuskleasters binne al lang by de histoarysy bekend. It kleaster fan de grauwe beginen hie sûnt syn ferhuzing fan Fiswert nei binnen de stêd, St. Anna as patrones. Dat fan de dominikanessen of wite nonnen, ek wol faak nije nonnen neamd, wie oan St. Catharina en de Tolve Apostelen wijd. Oer de patroanhillige fan de Ljouwerter dominikanen bestie oant no ta noch gjin wissichheid. S.P. Wolfs, dy't yn syn 'Middelieuwe dominicanenkloosters in Nederland. Bijdrage tot een monasticon' (Assen 1984), 131-154, gâns ynformaasje oer de predikhearen hjirre byinoar brocht, koe gjin útslútsel biede. Dat is no lykwols wol te jaan. Yn twa noch net publisearre testaminten wurdt St. Dominicus as patroanhillige neamd, nammentlik yn dat fan hear Tzaling, prebendarius yn Marsum (1501, nov. 10, Ryksargyf yn Fryslân [RAF], Famylje-argyf Eysinga-

Printwurk út Easterein is folslein

Printwurk dat besjen lije kin en kreas op 'e tiid levere wurdt tsjin in skerpe priis komt út Easterein.



fa. Van der Eems & Sn.
Easterein - Fryslân
Tel. 05159-1306

Vegelin van Claerbergen, suppl., ynv.nr. 25) en dat fan man-en-wiif Wytze fan Camminghe en Rints fan Minnema (1533, okt. 24, RAF, hs. 1092:5). Sy wolle begroeven wurde '... bij S. Dominicum tot die Praedicke Broeders binnen Leuwarden', en '... in Sinte Dominicus kercke totte Predicaren broeders'). De Ljouwerter festiging fan de fransiskanen is foar it lêst yngeand beskreaun troch B. Verbeek yn: 'Oud en nieuw Galilea. De kloosters der minderbroeders in Leeuwarden', Frisia Catholica 14 (s.p. 1951). Oer har skutspatroan hiene wy ek noch gjin wissichheid. Verbeek tocht op grûn fan in bewarre bleaun mar tige skansearre segel dat it om de H. Franciscus gean soe. (Ibidem, 22). Syn ûnderstellings blike krekt te wêzen. It is '... by den helliga fader sancte Franciscus toe Galileen' dat Grathie Kamminga yn 1476, dec. 10, har lêste rêstplak winsket ('Oudfriesche oorkonden', dl. I, nr. 271). In oare testateur, Gerrit Midler, bestimt op 2 maaie 1499 in legaat fan 25 rijnsgûne foar '... Sente Franciscus kerk' ('Groot Placaat en Charterboek van Vriesland', dl. I, s. 210, 211). En Edo Martena hat yn 1541, april 11, grif it haadalter op it each as hy yn syn

testamint meidielt úteinlik rêste te wollen '... tot die minrebroeders inder kercken voert sinter franciscus altaer' (Gemeente-argyf Ljouwert, Famylje-argyf Martena, ynv.nr. 19). Sa docht dus bliken dat de muontsekleasters fan de twa grutte biddeloarders yn it 'stedelijk knooppunt' fan Fryslân ûnder de hoede fan de hillich ferkleare stifters fan beide oarders stien hawwe.

J.A. Mol

De libbene by de deade: Going homeward yn Linquenda fan Reimer van Tuinen

Yn De Tsjerne 1963, 137 stiet in fers fan Reimer van Tuinen oer ien dy't foar 't lêst in keamer oersjocht mei al it guod dat him lang lyn sa eigen west hat. It measte hâldt in ôfbylding fan in skeper mei doarp en skiep him fêst. Dat byld wurdt it hichtepunt fan sarkastyske treurichheid om safolle kitsch, mar tagelyk ek fan oandienens om it leave ferbân dêr't it ienkear by hearde. De útbylding is, mei de moaie list dêr't er yn siet, noch yn 'e famylje bewar-

re. As boarne wurdt dy hjir mei it fers reprodusearre. It is in print fan Joh. de Liefde en fansels stiet der yn it ingelsk, dêr't Van Tuinen sa'n



ûntrêdene yndruk mei op wit te roppen, ûnder: 'Going homeward when the day is done'.

Linquenda

'Gjin tsientsje wurdich, dy hiele brot.'

Ik sjoch it saekje oer, hy hat it greatst gelyk, in brot, in irritant fortoan fan stilen: old-finished, would-be modern, in stoel út pake' tiid, in gekke klok, in skriuwburo fan 't jiertal nul, 't waensinnich kleed mei keakelbûnt' en hyper-tsjustere meetkundige figueren en dan fansels 't ûnmisbere borduersel. Ek hinget, wrychtjes, oan 't lewant ús trouwe skeper noch, kompleet mei doarp en skiep, who is still going homeward when the day is done.

In brot, mar ik woe dat dy stoel nochris kreake en it ljocht yn 'e spegel bruts, ik woe dat in kleaune forrôlle en de klok syn ûren forsloech, dat immen de doar iepen fierde en in stim spriek, wûndere sterk. Ik woe dat roppige eagen har sêdden oan 't grien en it ljocht, noch ienris de stêd oereagen, it hôf, de greft en de kym. Ik woe bleau it jouns foar de sab-bath, ik woe, ja ik woe hie de tiid dochs mar duorre, de hoeder dochs toeve in ûre, in ieu.

Ph.H. Br.

Mooglikheid om leden Fryske Akademy foar te dragen

Yn it karbrief fan de Fryske Akademy is fêstlein dat de Akademy leden en stipers hat. Elk dy't belangstelling hat foar de Fryske Akademy en in troch it haadbestjoer fêststelde jierlikse bydrage betellet (op dit stuit is dy minimaal f 27,50 it jier, foar studinten f 20,-), kin stiper wurde. Leden kinne har net sels opjaan, mar wurde troch it haadbestjoer beneamd op grûn fan fertsjinsten, dy't yn it karbrief omskreaun binne.

Dat binne:

a. fertsjinsten op it gebiet fan de wittenskip dy't mei Fryslân, it Fryske folk en syn kultuer yn al syn uteringen en yn de wiidste omfieming te krijen hat;

b. fertsjinsten foar de Fryske kultuer;

c. grutte, oanhâldende ynteresse, betoand foar de wittenskip, sa't dy ûnder a. oantsjut is, of foar de Fryske kultuer yn it algemien.

Elk lid en elke stiper fan de Fryske Akademy hat it rjocht om persoanen foar te dragen foar beneaming ta lid fan de F.A. Sa'n foardracht moat skriftlik en motivearre yn-stjoerd wurde.

It haadbestjoer hat út syn midden in kommisje fan trije persoanen ynsteld om de ynkommen foardrachten kritysk te hifkjen en it bestjoer te advisearjen oangeande it beneamen fan nije leden.